Nij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXIX, nûmer 1 maitiid 2020 ISSN 2352-8958



de genoside fan 'Froanen' (1297)





Byskriften:

1: Floaris V (Charles Rochussen, 1856; útsnijing).
2: Rekonstruksje fan de 'Middelburg' (ôfb.: Remco Cevat).
3: Rekonstruksje fan de 'Nieuwburg' (ôfb.: Remco Cevat).
4: Tekst op de stien by de Maria-kapel.
5: De nije kapel fan Adriaan Donker, iepene yn july 1970 (foto: S.T. Hiemstra).
6: Ried fan de Fryske Beweging biedt in petysje oan de Fêste Keamerkommisje fan Ynlânske Saken yn De Haach op 18 desimber 2018 oan (foto: Aant Mulder).

Ús eigen Taal (33)

Sytze T. Hiemstra

De genoside fan 'Froanen' (1297): foar- en neispul (II)

De oanliedings foar de 'Slach by Froanen'

*Yn de twadde helte fan de 13de iuw hearsket yn Europa it feodale stelsel (lienstelsel). Benammen it grutte ferset fan de West-Friezen tsjin dat ûnderdrukkende systeem soarget foar in gâns fijannige fieling by de greefskippen Hollân en Seelân. Út it greefskip Hollân wurde dêrom ferskate fjildtochten ûndernommen om de West-Friezen derûnder te krijen. Yn it foarste part fan myn artikel (*Nij Frisia*, nû. 2, simmer 2019, s. 3, 5-11) haw ik de skiednis om* Froanen *hinne mei sitaten út inkelde paragrafen fan Douwe Kalma syn Frysktalige* Skiednis fan Fryslân *yn fûgelperspektyf werjûn. Foar dit twadde artikel bin ik almeast oanwiisd op inkelde betroubere Hollânsktalige boarnen (almeast sitearre yn de noaten).*

Sytze T. Hiemstra

Út dat earste part fan myn artikel hat bliken dien dat Willem II, dy't op it punt stie om ta keizer kroand te wurden fan it machtige Dútske ryk, optsjocht[1] tsjin West-Fryslân.[2] Hy rydt yn de winter fan 1256 op it hynder oer de *Bjirkemar* (Holl.: Berkmeer) nei *Heechwâld* (Holl.: Hoogwoud), sakket troch it iis en wurdt deaslein[3] troch de West-Friezen.[4]

Syn soan *Floaris V* (Holl.: Floris V) hat dêrnei ferskillende kearen besocht om de baas oer de West-Friezen te wurden, û.o. yn 1272[5], en dat liket sûnt 1282 te slagjen.[6] Yn 1289 hat er net allinnich gâns te sizzen oer West-Fryslân, mar sels oer Starum oan de oare kant fan de Sudersee. Om West-Fryslân ûnder kontrôle te hâlden, lit er ûnder mear in stikmannich twangboargen bouwe.[7] Dat der yn de tiid dat dy stinzen boud waarden, ek flink fochten is, docht wol bliken út it ferwoastgjen fan it *Huijs ten Nuwendoren*[8] (tusken Eenigenburg en Krabbendam, oan de mûning

[ferfolch begjint op side 5]

[1] *Tsjocht*: foarm fan it tiidwurd tsjen: (op wei) gean (nei), trekke.

[2] Henk 't Jong, *De dageraad van Holland. De geschiedenis van het graafschap 1100-1300* (Utrecht: Uitgeverij Omniboek, 2018), s. 251-252: 'De zomer van 1255 brachten de koning en de koningin in Holland door. Waarschijnlijk is toen dochter Machteld geboren. In juli vond weer een aanval op West-Friesland plaats. Deze moest wegens drassigheid worden afgebroken omdat het die lente en een deel van de zomer lang en hard geregend had. Er waren echter wel dorpen veroverd en de West-Friezen beloofden hem voortaan hun tienden trouw te betalen, maar of ze dat ook echt zouden doen was onzeker. Willem besloot daarom maar weer eens op flinke vorst te wachten alvorens bij de waterrijke Friese landen opnieuw zou binnenvallen. [...] Na Kerstmis bevond hij zich namelijk bij Alkmaar, waar de laatste hand aan de Torenburg en de weg naar Vronen werd gelegd.

[3] Henk 't Jong, *De dageraad van Holland. De geschiedenis van het graafschap 1100-1300* (Utrecht: Uitgeverij Omniboek, 2018), s. 253-254: 'Het had inmiddels al flink gevroren. Vanuit Alkmaar riep hij [Willem II] zijn leger samen en voerde alvast verkenningen uit om de sterkte van het ijs te testen. Eind januari 1256 was het dik genoeg, zo'n 25 à 30 centimeter, en men besloot de aanval te wagen. Het leger werd in twee *bataelges* of afdelingen verdeeld en eenmaal over de Rekere nam het de West-Friezen in de tang. Willem voerde het commando over de ene *bataelge*, een groep voetsoldaten, die via de Huigenwaard en het Berkmeer optrokken. Willem van Brederode, met ruiters, leidde de andere via de eilanden van Oterleek en langs de Wogmeer. Het doel was Hoogwoud, ver in Drechterland. De ruiters moesten een omtrekkende beweging naar het oosten en noorden maken, terwijl de infanterie over de bevroren meren rechtstreeks naar het noordoosten zou lopen. Het was 28 januari.

De koning, de enige in zijn bataelge die te paard was, reed te ver vooruit. Het ijs was niet overal even dik en hij moest er in zijn zware uitrusting van maliënkolder, helm en wapens met zijn paard doorheen zijn gezakt. De West-Friezen grepen hun kans en maakten de voor hen onbekende ridder af. Waarom Willems soldaten, die achter hem liepen, hem niet te hulp kwamen, blijft een raadsel. Er moet bij de tegenstanders toch wel iemand zijn geweest die de koning herkende, want zijn moordenaars namen hem mee en begroeven hem onder de haard in een huis in Hoogwoud. Er werd kort daarna gesugge-

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 maart 2020. Samler: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7, 9123 JV MITSELWIER; digitale kopij: piter@dykstra.frl

Fêste meiwurkers

drs. Piter Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter en dr. Bertus Jans Postma. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Meiwurkers oan dit nûmer

drs. Tom Dykstra, Chris van Hes, Jan Hiemstra, drs. Sytze T. Hiemstra, dr. Eric Hoekstra, dr. Bertus J. Postma, Jaap Slager.

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN

Webstek

www.jongfryskemienskip.frl

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35
op namme fan:
Jongfryske Mienskip, IT HEARRENFEAN

Bestjoer

Sjoerd Groenhof, Chris van Hes (foarsitter), Sander Hoekstra, Wolter Jetten (skriuwer/skathâlder), Frâns Koning en Jos de Boer.

Fan de redaksje

Dit nûmer iepenet mei it middelste fan in rige fan trije artikels – it foarste stie yn it simmernûmer fan 2019 – oer de genoside by Froanen yn 1297. Sytze Hiemstra lit foar in grut part Adriaan Donker oan it wurd, dy't byldzjend de ûntjouwing skilderet yn de oanrin nei de definitive slach.

Fan Eric Hoekstra binne wer twa haadstikjes oer it Ingelsk en it Frysk opnommen: no de besibbens fan it Frysk mei it Âldingelsk en de ferhâlding tusken de oantallen sprekkers fan dy talen.

Fan ús foarsitter hawwe wy it ynstjoerd opnommen dat skreaun is nei oanlieding fan it PVV-foarstel oer it ophingjen fan de steatsnasjonale flagge yn de Steateseal fan it Provinsjehûs.

Yn syn tredde artikel *'It is mei sizzen net te dwaan'* toant Tom Dykstra oan dat der mear barre moat as sloppe epistels skriuwe, lykas ús lanlike en provinsjale oerheden dien hawwe mei de *Bestjoersoerienkomst Fryske taal en kultuer 2019-2023* [BFTK].

De njoggende kollum fan Jaap Slager giet net oer de oare typstra's dy't er sa troch de tiid tsjinkomt, mar diskear fernimme wy wat mear oer wat de skriuwer sels beweecht.

Bertus Postma komt yn in ynstjoerd stik op foar it Katalaanske folk en striidt tsjin Rimmer Mulder, dy't anty-demokratysk machtsfertoan en terreur mar goedprate wol om de rop foar mear selsbestjoer yn oare regio's, lykas uzes, te ûntmoedigjen.

En wy slute it nûmer ôf mei it opheljen fan oantinkens troch Jan Hiemstra oer syn jongesjierren yn Easterein. Dat it doarpslibben yn in heale iuw tige feroare is, is eat dat hjoed-de-dei tige yn de belangstelling stiet. Yn Reinder Polityk syn krektferskynde boek *'De rykdom fan it ferline'* wurdt dat tema ek besprutsen, mar dan út it perspektyf fan in boer wei.

In soad lêsnocht tawinske!

Piter Dykstra

By de foarside

Hearkoggen, sa't de Hollanners dy ein trettjinde iuw by de oanfal op West-Fryslân brûkten.

De West-Friezen ferslagge yn 1272 by Alkma[a]r de greeflike troepen fan Floaris V (Charles Rochussen, 1856; útsnijing).

[ferfolch fan s. 3]

fan de rivier de *Rekere* yn de *Sipe* [Holl.: Zijpe])[9], doe't dat noch net klear wie. Neffens Melis Stoke[10] soe dat de bêste fan de fiif twangboargen west hawwe om West-Fryslân te betwingen. It moast in troch Floaris oanleine daam yn de *Rekere* beskermje.[11]

De skiednis fan dy West-Fryske perioade wurdt yn 1982 ek op hiel eigen wize, byldzjend en detaillearre beskreaun troch de West-Fries *Adriaan Donker* yn in lytse brosjuere oer 'Historisch West-Friesland'.[12] Ek al is syn ferhaal yn it Hollânsk, ik wol de lêzers fan *Nij Frisia* de parten dêrút dy't ik foar myn ûnderwerp fan belang achtsje, net ûnthâlde.

Adriaan Donker oer 'histoarysk West-Fryslân'

'En dan West-Friesland met de grote omringdijk, door de Westfriezen zelf opgeworpen als bescherming tegen de zee. Toch waren hier en daar veel dijkdoorbraken. Flora was in overvloed aanwezig: er woonde een volk dat zijn vrijheid boven alles stelde, zijn wil en vastberadenheid vind je nog steeds terug in de westfries, maar Holland besloot om Westfriezen te overwinnen en bij zich in te lijven, doch dit was niet zo eenvoudig.[13] Wij hadden het voorrecht om rondom water en moerassen te hebben.

[ferfolch op s. 6]

reerd dat de meeste van Willems volgelingen, op enkele tientallen na, door de West-Friezen werden gedood. Dat zou kunnen verklaren waarom ze niet direct doorstootten om de koning te zoeken. Willem van Brederodes ruiters kwamen echter 30 januari aan in Alkmaar. Waarom zij niet tot aan Hoogwoud zijn getrokken om wraak te nemen of in ieder geval de voetsoldaten te helpen, is onduidelijk.

Koning Willem van Duitsland, graaf van Holland, was 28 toen hij sneuvelde. Zijn vrouw, koningin Elisabeth, 21 of 22 jaar oud, vernam het bericht van zijn dood toen ze in kasteel Spiegelberg bij Germersheim, niet ver van Trifels, op verhaal kwam na haar ontvoering. Uiteraard reisde ze zo snel mogelijk naar Holland, maar er was geen lijk dat betreurd kon worden. Haar zoontje was nog maar anderhalf en haar dochtertje net een half jaar. De dood van de graaf en koning moet bij alle partijen hard aangekomen zijn. Vele kronieken in binnen- en buitenland vermeldden zijn verscheiden, al of niet in detail. Er werd meteen een zoektocht naar een nieuwe Rooms-koning gestart, maar in Holland en Zeeland stapte Floris, Willems broer, in het ontstane gat. Hij was niet ouder dan een jaar of 25 en werd voogd over zijn jonge neef.'

[4] Klik ek ris op: https://onh.nl/verhaal/vronen-een-omstreden-gebied-tussen-holland-en-west-friesland Hoewol't it midsiuwske 'Frisia' ek it hiele lettere 'Hollân' omfette, waard de namme 'Holland' hieltiten faker brûkt foar it gebiet westlik fan de rivier de Rekere. Dêrby waard in noch âlder gebiet 'Kinhem' (Holl.: Kennemerland) opsplitst yn twa parten, omdat de ûntginning fan Geastmerambacht begûn is út de doarpen Skoarl ('Schoorl') en Bergen wei en dy leine yn Kinhem. It wie net maklik om oer de Rekere fan it iene part yn it oare te kommen, want de rivier wie mar op in pear plakken sa ûndjip en de boaiem sa hurd dat men der trochinne wâldzje koe en dat wie by de 'Occenvorde' (Holl.: Ossenvoorde). Foar alle ferkear tusken

Volgens de overlevering had men besloten om de aanval vanuit kasteel Torenburg bij Alkmaar te laten plaats vinden en wel in de winter als er ijs lag. Het was op 27 januari 1256 toen men een gewapende mankracht er op uit stuurde om de Westfriezen aan te vallen.[14] Wist men dat ze zouden komen? Er was een leger van Hoogwouders en mannen uit de omliggende gehuchten op de been gebracht. Die 27e januari had het sterk gevroren en ijlings ging men een lange bijt in het ijs hakken in de tegenwoordige Lage Hoek, nabij Hoogwoud, en wachten op de dingen die komen zouden. Over het ijs van de Heerhugowaard en de Berkmeer naderde een leger te paard, goed geharnast en goed bewapend met speren.[15] Maar wat hadden wij, Hoogwouders? Wij hanteerden zeisen, hooivorken, dorsvlegels, knuppels, stokken, enz.

De Hollanders vlogen met grote snelheid op de Westfriezen af, maar dit kwam hen duur te staan: paarden en mensen zakten door het ijs in de poel. De Westfriezen knuppelden en raakten wat ze konden. De vrijheid stond op het spel. Enkelen van de Hollanders wisten terug te keren, maar de rest kwam om.

Toen de Westfriezen tot bezinning waren gekomen, ontdekten ze wat ze gedaan hadden. Ze hadden de Roomse koning Willem II, nog niet zo lang geleden in Aken gekroond, om het leven gebracht. Liever hadden ze hem levend gevangen genomen, maar wat nu te doen? Men besloot om een baar van takken te maken en Willem II naar Hoogwoud over te brengen. Uit

Kennemerlân en 'Frisia' waard dêr belesting (tol) heft. Dat betsjutte dat der tichteby in stipepunt yn de foarm fan in 'boarch' (kastiel) boud wurde moast, foar it gefal dat de lju, bgl. de Friezen, net frijwillich tol betelje woene.

[5] Ronald de Graaf, *Oorlog om Holland*, *1000-1375* (Hilversum: Verloren, 2004), s. 235-236: 'Waarom Floris in 1272 aanviel, is onduidelijk en of koning Edward I van Engeland, die later successen in Wales boekte [...], mogelijk een bron van inspiratie is geweest, is voor dit jaar niet bewezen. [...] Floris koos Alkmaar als uitvalsbasis, wat aangeeft hoe hij nog volkomen in de militair-strategische traditie van zijn voorvaderen dacht en handelde.

Met opzet had graaf Floris op 31 mei 1272 zijn neef Floris van Henegouwen het bewind over Zeeland in handen gegevens, zodat hij, nu het zuiden in veilige handen was, al zijn aandacht aan de Westfriezen kon geven. De campagne begon in juli of augustus. Om niet voor verrassingen te komen staan gaf hij orders om de weg die zijn vader had laten aanleggen door te trekken tot op de Vronergeest, dus over de Rekere. In de Rekere kwam daarvoor een dijk. De loper werd uitgelegd, want de geestgronden bij Vronen moesten, weer of geen weer, voortaan zonder problemen bereikt kunnen worden. [...]

De Westfriezen bezagen de voorbereidingen met argusogen en besloten tot een pre-emptieve aanval [*Pre-emptief offensief* = aanval op de zich op vijandelijk grondgebied gereedstellende tegenpartij met het doel diens strijdkrachten te vernietigen of deze zodanige verliezen toe te brengen dat haar voorgenomen offensief wordt doorkruist, De Graaf, s. 16]. Ze kwamen zo snel mogelijk naar de dammen en schakelden op 20 augustus 1272 de bewakers uit. Terwijl ze het karwei afmaakten door het bouwwerk te vernietigen, kwamen onderdelen van het Hollandse leger uit Alkmaar toegesneld. Ter plekke zagen ze wat er gaande was en ze wierpen zich in de strijd. De Hollanders hadden er, waarschijnlijk omdat ze niet wisten wat er aan de hand was, bij hun uitval uit Alkmaar naar de Rekere een tactische

Rekonstruksje fan de 'Nieuwburg' (ôfb.: Remco Cevat). Mei de 'Middelburg' behearske dizze boarch de dyk fan Alkma[a]r nei Froanergeast. Beide stinzen stiene goed 500 meter fan inoar ôf (dat is likernôch twa kear it berik fan in pylk).



Rekonstruksje fan de 'Middelburg' (ôfb.: Remco Cevat).

angst voor de gevolgen verstopte men het lichaam van Willem II in een boerenhuis dat zich op een hoogte bevond, en wel in de kolk waar vuur op brandde.[16] Een kolk is een gemetselde kelder onder in de schoorsteen. Deze boerderij was waarschijnlijk gebouwd met een onderkant van steen en daarboven houten wanden. Een stolp met een strooien dak, met kleine ruitjes in roeden[17] gezet. Deze boerderij heeft volgens de overlevering gestaan aan de Zuider Koningspade, daar waar nu de nieuwe boerderij van Rens Kuiper staat; deze wordt heden ten dage nog het spookhuis genoemd. De boerderij staat tegenover de Ch. v.d. Nootstraat.

Maar de angst en de wroeging wilden niet wijken en men besloot om het lichaam weer te verplaatsen en over te brengen naar de Noorder Koningspade en daar te begraven onder de dorsvloer van een boerderij. Die dorsvloer bestond uit halve boomstammen; men dorste daar in die tijd het graan op uit. [...]

Maar een zoon van koning Willem II, n.l. Floris V, besloot om de Westfriezen te overwinnen en het graf van zijn vader te vinden. Floris V was al tot driemaal toe teruggeslagen bij Wijdenes waar hij aan land probeerde te komen, maar hij hield vol en in juni 1282 lukte het hem onverwachts toch.[18] Er ontstond een gevecht bij Schellinkhout, wat door de Westfriesen werd verloren. Hij zette de opstandelingen na tot in Hoogwoud.

De Hoogwouders, doodsangst uitstaande, zochten bescherming in de grote Kruiskerk, waar ze zich warboel van gemaakt. [...] De Westfriezen doodden menig man, waarna de Hollanders op de vlucht sloegen.

De achtervolging werd ingezet: om Alkmaar heen, totdat Heiloo werd bereikt. Op de harde geestgrond bij Heiloo groepeerden zich de vluchtende Hollanders, waarna ze alsnog hun riddereer konden redden, door, als we Stoke en Beka moeten geloven, 800 man te doden. Hierbij moeten de totale verliezen aan de eigen zijde op 500 worden gesteld. Toch moeten we de Westfriese aanval als zeer geslaagd beschouwen, hun doel was immers pre-emptief: voorkomen dat de Hollanders de Rekere-connectie als springplank konden gebruiken voor aanvallen op hun posities.

Kroniekschrijvers produceerden een lijst van elf gesneuvelden edelen. Onder hen bevindt zich de baljuw van Kennemerland. Deze man, een bastaardzoon van heer Wouter van Egmond, droeg de naam Wouter de Fries. Hij zou de graaf tot de strijd hebben aangezet. Niet toevallig was het deze Wouter die op 17 februari 1272 naast enige andere rechten, ook het visrecht kreeg bij de genoemde dam in de Rekere, waar deze in het Voormeer uitstroomde. Uitgerekend op deze plaats vinden de gevechten plaats, want, zo zegt Willem de Procurator: "Hij [Floris] had zijn troepen samengevoegd vlakbij de stad Alkmaar, op een veld waar nu een modern kasteel gebouwd is". Dit kasteel is de Middelburg.

Hoe groot de door Floris geleden nederlaag was, bleek uit de opstanden die spoedig na 1272 uitbraken. Zelfs de Kennemers kwamen in opstand, omdat het grafelijk bestuur steeds meer inbreuk maakte op hun eigen gewoonterecht en omdat de belastingdruk toenam. De Westfriezen sloten zich aan, gevolgd door de Waterlanders, zodat de rebellie algemeen werd.'

[6] Dirk Jan Henstra, *Friese graafschappen tussen Zwin en Wezer. Een overzicht van de grafelijkheid in middeleeuws Frisia* (ca. 700-1200) (Assen, Koninklijke Van Gorcum B.V., 2012; ek: Estrikken/Ålstråke 92), s. 160: 'Zijn [Willlem II] zoon, Floris V (1254-1256-1296), wilde de smadelijke dood van zijn vader wreken. In 1272 begon hij ook een veldtocht, maar hij werd reeds bij Alkmaar verslagen, terwijl zijn Kennemers toen ook weer tegen hem in opstand kwamen. Ook de Waterlanders sloten zich aan bij het verzet. De zo vele malen mislukte pogingen om vanuit de vaste bodem van Kennermerland de weke bodem fan Westfriesland binnen te dringen noopte Floris tot een andere strategie: de aanval over water. Sinds Waterland in handen was van de Hollandse graven beschikte hij over havenplaatsen langs het Almere. Vandaar zette hij in 1282 troepen aan land bij Wijdenes en wist hij na een veldslag bij Schellinkhout de verdedigers te verslaan en te achtervolgen tot Hoogwoud, waar hij het lijk van zijn vader vond. Hij liet hem opnieuw begraven in Middelburg. Aangezien de Westfriezen zich evenwel allerminst in een onderwerping schikten, liet hij een aantal sterkten bouwen, een in Wijdenes, een in Medemblik en drie in de buurt van Alkmaar.

De Westfriezen bleven zich evenwel verzetten. Maar in de winter van 1287-1288 hadden ze bovendien te kampen met hevige watervloeden. Geen hulp krijgende van de andere zijde van het Vlie moesten ze zich tenslotte overgeven. Bij een verdrag van 1288 erkenden ze Floris V als hun heer. Westfriesland werd echter geen deel van de graafschap Holland. Floris V nam in 1291 de titel 'heer van Friesland' aan; nadien voerden de graven van Holland de titel. Tot nu toe kenden de Friezen slechts één wereldlijke heer: de koning; de titel 'heer van Friesland' kan dan ook gezien worden als een bevestiging van het streven van Floris

Hearkoggen dy't de Hollanners brûkten foar de Slach by Froanen. De foar- en efterkant fan it oarlochsskip binne ferhege en hawwe kantielen (útsteksels).

verborgen onder de banken en achter de pilaren. Toen Floris V de kerk binnenkwam sprak hij: "Mannen, sta op, wees niet bang voor tucht of straf maar zeg mij mijn vaders graf." Eén van de oude Hoogwouders ging met Floris V mee, langs het bospad tot aan de boerenwoning en wees hem de plek onder de dorsvloer.[19]

Diezelfde dag nog liet Floris V de dorsvloer openen en diep onder de indruk vond hij het gebeente van zijn vader. Hij vroeg de boerin om een linnen doek en deed daar het skelet van zijn vader in en liet dat direkt per paard naar Utrecht brengen. Daar vandaan is het naar Middelburg gegaan, waar het heden ten dage nog in een beschadigde graftombe ligt in de abdij aldaar.[20]

Floris V was graaf van Holland, West-Friesland en Zeeland. Hij was meer boer dan graaf en gaf de Westfriezen hoge posten; hij liet onze dijken verzwaren en liet grond ontginnen. We hadden een opgaande tijd in West-Friesland, het ging goed met ons. Floris V besloot om de boerderij waar zijn vader begraven had gelegen, af te breken en op dezelfde plek een Mariakapel te bouwen.

Hiervoor stelde hij geld, land en goederen beschikbaar, waarvan priester en kapel werden onderhouden. Hij wijdde de kapel aan de Heilige Maria. Het was na 1282 dat de kapel gebouwd werd. Zeker is dat het onderstuk van tufsteen[21] is geweest, afkomstig uit Duitsland, en de rest denkelijk van hout. Of er een torentje op was, weten we niet. Eénmaal per maand werd er een dienst gehouden. Floris liet 4 burchten bouwen. De eerste in Medemblik, waarschijnlijk op de oude fundering van het vroegere kasteel Radbout (koning van het vroegere Friesche

de rijksonmiddellijkheid van de Friezen af te schaffen en de plaats van de koning als soeverein in te nemen.'

[7] Úteinlik waarden der sels trije stinzen of kastielen op koarte ôfstân fan inoar boud: de 'Torenburg' (sa. 1250 boud yn opdracht fan greve Willem II), de 'Nijenburg' en de 'Middelburg' (beide boud om likernôch 1270/1272 hinne yn opdracht fan greve Floaris V). Dy trije boargen wiene perfoarst net allegearre nedich om de boeren en handelslju te kontrolearjen, mar ûnderwilens wie de ferstânhâlding mei de West-Friezen sa min wurden dat men al fan in oarloch prate koe ...

[8] Klik ris op: http://www.dwangburchten.nl/nuwdoorn/nwdorn13.htm om de moaie rekonstruksjes fan *Huys te Nuwendoorn* te besjen.

[9] De *Sipe* wie in streamgat en it wurd hat te krijen mei 'sypje, sipelje, siperje'. It streamgat is stadichoan yn de 13de iuw ûnstien nei't yn 1170 en 1196 it gebiet troch de see oerstreamd waard. Dêrnei sipele it wetter fierder it gebiet yn en sadwaande sipele de see ek it lân fuort. It streamgat lei likernôch tusken Petten en Kallantseach ('Callantsoog') en rûn it lân yn oant de *Westfryske Seedyk* (in ûnderdiel fan de *Westfryske Omringdyk*). Yn 1398 is besocht om de see-earm ôf te sluten, mar it duorre oant 1597 foardat it folsleine gebiet ynpoldere wie.

[10] Melis Stoke waard wierskynlik om ende by 1235 yn Seelân berne en hy stoar om 1305 hinne. Hy skreau yn it Middelnederlânsk in kronyk op rym oer it greefskip Hollân. It wie ien fan de earste boeken yn it 'Hollânsk'. Hy wie as skiedskriuwer en 'clerc' yn tsjinst fan de greve.

[11] Klik ek ris op: https://www.westfriesgenootschap.nl/archivering/west-friesland_toen_en_nu/wf_ten_01_44_49.php Nei 1367 komt de *Nuwendoorn* net mear foar yn de kroniken en de greeflike rekkens en wie it foar 't neiste net mear fan belang foar de greven. It is swier teheistere troch de oanfallen fan de West-Friezen, mar ear't de earste *kastlein* (in plakferfanger fan de kastielhear om it slot te behearen; Holl.: 'burggraaf, slot- of

burchtvoogd') deryn koe, wie it wer hielendal opboud. De funksje fan kastlein op sa'n stins wie ornaris in goed betelle earebaan. De *Nuwendoorn* hie in besetting fan sa'n fyftjin soldaten en dan wie der noch it gesin en it personiel fan de kastlein. It slot is yn de rin fan de tiid faaks troch oerstreamings oantaast en ferdwûn. Noch yn de 19de iuw waarden der stiennen oerbliuwsels op it lân fûn. Yn 1960 is der begûn mei in grutte opgraving en kamen de fûneminten fan de *boarch* en de *foarboarch*, beide mei grêften derom hinne, wer foar it ljocht. Fan de foarboarch ôf kamen de lju oer in *falbrêge* en in *tagongspoarte* op it *binnenplein* fan it haadgebou. Dêr omhinne wiene muorren boud en by ien kant lâns lei it wenpart. Op de hoeke stie in grutte *fjouwerkante toer*.

[12] A. Donker, *Historisch West-Friesland, januari 1256 – juni 1282 (Hoogwoud, november 1982* [8 siden, brosjuere]).

[13] Ronald de Graaf, *Oorlog om Holland, 1000-1375* (Hilversum: Verloren, 2004), s. 213-214: 'Met de oorlog In West-Friesland was iets merkwaardigs aan de hand. Het was een oorlog die telkens werd onderbroken, die als een heidebrand onder de grond verder smeulde om plotseling weer op te laaien. De belangen van beide partijen waren niet dezelfde, de samenlevingen waren anders ingericht, de legers waren niet gelijksoortig en bovendien weken de strijdmethoden van elkaar af. Daarom spreek ik in West-Friesland over een guerrilla. [...] Een guerrilla is een variatie op het thema van de ongeregelde oorlogvoering, net als sabotage en terreur, psychologische oorlogvoering en propaganda, overvallen, verzetsactie en infiltratie. Het is beter om deze vormen van ongeregeld oorlog niet al te zeer van elkaar te scheiden, want in werkelijkheid lopen ze in elkaar over. [...] Zeer belangrijk is het psychologische aspect: bij de toenmalige bewoners van West- en Oost-Friesland bestond een buitengewone sterke notie van de Friese Vrijheid. Namelijk het recht voor de Friezen om eigen markten en jaardagen te houden. De vrijheid om bepaalde belastingen niet te hoeven betalen of dienstplicht in een vreemd leger te vervullen, om nog te zwijgen over het toelaten van kastelen en vreemde soldaten binnen de palen ...'.

[14] Ronald de Graaf, *Oorlog om Holland, 1000-1375* (Hilversum: Verloren, 2004), s. 221: 'Pas echt wereldberoemd zouden de Westfriezen in 1256 worden door de moord op Rooms-koning Willem II. Als de Engelse kroniekschrijver Matthew Paris (een tijdgenoot van Willem II) de moordenaars beschrijft, blijken onze guerrillastrijders over het modernste wapentuig te beschikken: "In lichte van lijnwaad vervaardigde wapenrokken, met werpspiesen, Deense bijlen en halve pieken gewapend".

[15] Ronald de Graaf, *Oorlog om Holland, 1000-1375* (Hilversum: Verloren, 2004), s. 231-233: 'In de eerste weken van januari 1256 werd het leger geformeerd. Willem voerde met enkele boogschutters verkenningen uit om te zien hoe sterk het ijs was. [...] De koning besloot bij Alkmaar om adel en voetvolk gescheiden op te laten rukken. De edelen durfden toch al niet zo goed op het gladde ijs voort te trekken en aangezien Hoogwoud, Winkel en Niedorp het krijgsdoel vormden, heeft Willem [syn oanfierder, sth] Brederode gelast om over de Oeterleec-eilandjes te trekken. Zelf zou hij met de overige mannen *linea recta* op het centrum van West-Friesland aansturen. Wanneer de adel in Drechterland arriveerde, zouden ongetwijfeld vele Westfriezen daarnaartoe gaan. Als Willem dan onver-

Jan I (1284-1299), mei it wapen(skyld) fan Hollân (Anonym, 1780).

Rijk), de tweede in Wijdenes, n.l. Het Huis. Waarschijnlijk ligt de fundering in het IJsselmeer; de derde in Krabbendam – de Nieuwe Doren, een doorn in het oog van de Westfriezen en de vierde was Nieuwburcht bij Alkmaar, nu Oudorp. Torenburg was er al, dat stond in de omgeving van de Westfriesche brug, waar nu het Noord-Hollands kanaal ligt. We zaten tussen 4 burchten in, dat was om de Westfriezen in toom te houden. Het ging West-Friesland goed in die tijd, maar toch durfde Floris V het niet aan om West-Friesland bij Holland in te lijven. [...]

Maar zo ik reeds vertelde, was Floris V meer boer dan graaf tot tegenzin van de edelen die voor onderdrukking en uitbuiting waren. Floris gaf ieder zijn bestaan en slaven werden onafhankelijk. Er waren veel problemen; in Utrecht waren veel moeilijkheden en strubbelingen en het was Floris V vijandig gezind. Doch Floris zocht toenadering en wilde vrede sluiten met Utrecht. De edelen waren ook in Utrecht aanwezig, hadden een komplot gesmeed en besloten om de graaf gevangen te nemen. Als ik mij niet vergis was dit in juni 1296. [...] er ontstond een worsteling; Floris V raakte gewond en werd overgebracht naar het

Op it fuotstik by de ôfbylding fan Jan I (op side 9) stiet as ûnderskrift: ***Slaande de Vriesen op de wyde geest by Vroonen****.*

Muiderslot en aldaar gevangen gezet. Hij lag onder in de kerker, onder zijn hoofd een blok hout, in afwachting van de dingen die zouden komen. Water druppelde hier en daar als zweetdruppels langs de muur.

Toen het gerucht door West-Friesland en andere provincies waarde, werden wij het 'keis[22] en broodvolk' genoemd en misschien nog wel hier en daar. Men besloot van de graafschappen naar het Muiderslot te gaan om Floris vrij te krijgen. Daar aangekomen trof men de ophaalbruggen omhoog en er werd geen toegang verleend. Na enig overleg werd men toch vriendelijk ontvangen, maar ondertussen werd Floris V aan de achterkant van de burcht vastgebonden op een paard. Men wilde hem overbrengen naar kasteel Poelenburg dat in de omgeving van de kuststrook lag. De Westfriezen ontdekten dit en gingen ze achterna; er ontstond een gevecht, de edelen beseften dat ze Floris niet langer konden houden en Herman van Woerden sloeg hem de schedel in. [...] Zonder Floris V was West-Friesland weer vrij en Floris kreeg de naam "Kerlen Gods"[23] omdat hij zoveel voor het volk betekend had.

Het was rommelig in West-Friesland nadat men besefte wat er gebeurd was. Kasteel de Nieuwe Doren bij Krabbendam werd verwoest en in brand gestoken; voor de Westfriezen was dit toch altijd al een doorn in het oog geweest. Nieuwburcht nabij Alkmaar is afgebroken en de stenen, bestaande uit kloostermoppen en tufsteen[24], is de Louwzonskerk[25] in Alkmaar aan het eind van de Langestraat mee

hoeds, "heymelijc" over de Heer Huigenwaard en over de landengte tussen het Wogmeer en Baarsdorpermeer aankwam, zaten de vijanden in de tang. De afstand tussen Willem en de ruiterij was nog vrij groot, waadoor het *rendez-vous* zou worden bemoeilijkt. [...]

Willem "hadde ghesyn opt velt: daer de Vriesen onghetelt stonden ghescaert na haere wise", hij zag de Westfriesen "met hopen" tegelijk. Zijn mannen kwamen glibberend en glijdend achter hem aan. Willem reed snel vooruit, hij zocht namelijk "enen zekeren wech te Hoogwoude om dat dorp te bernen". Volgens Stoke was de kwaliteit van het ijs op sommige punten toch slecht, zodat het voetvolk "seder omme dreven ween". Wat wil zeggen dat de mannen via verre omwegen achter hem aankwamen. De Friezen stonden tussen de bevroren rietpluimen en de met rijp overdekte bossages. Plotseling sloegen ze toe. Ze snelden op de eenzame ruiter af, wiens paard op dat cruciale moment door het ijs zakte. Op grote afstand van zijn glijdende volgelingen en zonder dat de Westfriezen wisten wie hij was, werd hij, goed dertig jaar oud, gedood. Hollandse ballingen maakten de Westfriezen duidelijk wie ze te pakken hadden: "Wat hebdi ghedaen? Ghi hebt den coninc selve doot."

[16] Ronald de Graaf, *Oorlog om Holland, 1000-1375* (Hilversum: Verloren, 2004), s. 234: 'Omzichtig en zonder verdere ruchtbaarheid aan zijn dood te geven, begroeven de Westfriezen het lichaam achter een haard in een Hoogwoudse woningh. Het was acht dagen voor St. Agnes, 28 januari 1256. Willem liet zijn echtgenote. Elisabeth van Brunswijk, met een zoontje van anderhalf, genaamd Floris, achter.'

[17] *Roeden*: latten oanbrocht yn in finster mei ûnderskate rútsjes (roedeferdieling oer in rútsjepatroan).

[18] Ronald de Graaf, *Oorlog om Holland, 1000-1375* (Hilversum: Verloren, 2004), s. 237-238: 'Eind mei of begin juni 1282 kon Floris eindelijk zijn gram halen. De voornaamste bron is hier de kroniek van Willem de Procurator: "[...] Hij verzamelde daarom zowel uit Holland als Zeeland (alsook uit Gelre en Kleef) troepen die hij met schepen naar een plaats, Nuwewic [Beverwyk, sth] geheten, leidde waar hij zijn tegenstanders, de zoals altijd koppige Friezen, te pakken kreeg. [...] De inspanningen duurden voort, totdat bij een dorpje Hoogwoud genaamd, de eerste wachtpost kon worden ingesteld. Bij de Friezen zou

opgebouwd. Het Huis bij Wijdenes werd kapot geslagen en kasteel Radboud heeft men laten staan; daar is nu een café-restaurant in gevestigd.

De kapel aan de Koningspade raakte in verval en werd ten lange leste afgebroken. Een bijzonderheid is dat het stuk land nu nog Kerkestikkie, de Kapellerie of de Roomse Kerk wordt genoemd. Mijn grootvader sprak van de Kroft of het Kerkestikkie. De weg die naar de kapel liep heet heden ten dage nog altijd de Koningspade. Met het verbreden van de Koningspade kwam ik tot de ontdekking dat de oude Kapel vlak aan de weg heeft gestaan, daarom heb ik een kleine, nieuwe kapel gebouwd met medewerking van de familie Groenewoud uit Hoogwoud in 1970. Deze nieuwe is opgebouwd van sibbemergelzandsteen[26] uit Zuid-Limburg afkomstig, en het dak is van fijn riet, afkomstig uit West-Friesland. Het Mariabeeld komt uit de R.K Kerk van Hoogwoud, dus het is weer een nieuwe Mariakapel geworden, welke door veel mensen bezocht wordt.[27] Deze staat daar ter herinnering aan deze geschiedenis.'

Oant safier it sprekkende relaas fan Adriaan Donker. Yn in slotartikel (III) sil ik yn *Nij Frisia* dúdlik meitsje dat de striid nei de dea fan Floaris V it karakter fan in *etnyske suvering* of *genoside*[28] krige hân hat om it frijheidsstribjen fan de West-Friezen foar altiten de kop yn te drukken.



Floris V liet in Maria-kapel bouwe op it plak dêr't syn heit Willem II begroeven lein hie (tekst op de stien: Adriaan Donker; foto: S.T. Hiemstra*).*

dit grote gevolgen teweeg brengen. Velen werden er gedood en weinigen gevangen genomen, uit wraak voor de eervolle vorst, de Rooms-koning." [...] Volgens Stoke stierven 1.200 Westfriezen en volgens Beka 6000.'

[19] Ronald de Graaf, *Oorlog om Holland, 1000-1375* (Hilversum: Verloren, 2004), s. 238: 'Stoke heeft zich geconcentreerd op de persoonlijke reden voor Floris tot het starten van de campagne. Hij vertelt hoe een oud mannetje het geheime graf verried en hoe van de vier die het ooit geweten hadden, er in de tussentijd één was gestorven en twee anderen weigerden mee te werken. Deze werden toen gedood, waarop de laatste de vindplaats zou hebben bekend.'

[20] Ronald de Graaf, *Oorlog om Holland, 1000-1375* (Hilversum: Verloren, 2004), s. 238: 'Toen het gebeente was opgedolven, riep Floris geroerd: "Dat ic so vele dus mach scouwen van den vader, de mi ghewan." De beenderen werden gewassen, meegenomen en in de abdijkerk van Middelburg bijgezet, ver verwijderd van de woeste Friezen. Eindelijk was Floris' verlangen naar wraak gestild. De eer van de familie was gered en Floris' prestige vergroot.'

[21] Yn de tekst fan Donker stiet 'turfsteen'.

[22] *Keis*: tsiis; Holl.: 'kaas'.

[23] *Der keerlen God*: god fan de 'keardels', d.w.s. god fan de 'gewoane lju, de boeren'.

[24] Der stiet yn de tekst fan Donker: turfsteen.

[25] Grif is de *Sint-Laurenskerk* bedoeld.

[26] Wierskynlik 'Limburgse mergel' út de Kryt-perioade, dat foar fierwei it grutste part út koalsoere kalk bestiet en foar in hiel lyts part út sân.

[27] Op 10 juny 2017 is troch in selskip fan *Jongfriezen* in besite brocht oan 'Museumboerderij West-Frisia' (Koningspade 31, Hoogwoud), mei in wolkomstwurd fan Chris van Hes (foarsitter *Jongfryske Mienskip*) en Netty Zander (fan it *Westfries Genootschap*). Netty Zander hat yn de Museumpleats ien en oar ferteld oer de 'West-Fryske Frijheid' en op de Berkmeerdijk en yn de Oudorperpolder wat oer de skiednis om de slach yn Froanen (no: Sint Pancras) hinne. Op het hiem fan de 'Museumboerderij' (Koningspade 31) is ek de kapel fan Adriaan Donker besjoen.

[28] Der is sprake fan *etnyske suvering* as der gewelddiedige aksjes plakfine om etnyske groepen of groepearrings yn in gebied yn tal te ferminderjen of ta nul te redusearjen (= folslein te ferdriuwen). As etnyske suvering ferbûn wurdt mei planmjittich moardzjen op grutte skaal, dan wurdt der praat fan *genoside*; doel is dan net ferdriuwing, mar ferneatiging. Faak radikalisearret ferdriuwing yn massamoard as de omstannichheden it effektyf ferdriuwen of it ferwiderjen driigje te frustrearjen. Dan wurdt in massale flecht útlokke en mei sin troch moardpartijen of oar geweld op gong brocht (Wikipedia: 'Etnische zuivering').

Frysk en Ingelsk (4/5)

*Eric Hoekstra**

Binne Frysk en Ingelsk sustertalen?
Ûnder boppesteande kopke hat de earste paragraaf (út in rige fan 12) yn *Nij Frisia* stien.[1] De paragrafen 2 en 3 steane yn *Nij Frisia*, nû. 3 (hjerst 2019, s. 16-18). Hjirûnder ferfetsje wy de rige mei de haadstikjes 4 en 5.

Kinne de Friezen Âldingelsk lêze? (par. 4)
Kinne de Friezen Âldingelsk lêze? The American scholar *Charlton Grant Laird* seit dat de bewenners fan 'e Fryske eilannen it Âldingelske heldedicht Beowulf suver fuortdaalks lêze en begripe kinne. Professor mjirkes *Rolf Bremmer* hellet Laird oan yn ien fan syn artikels en heakket der fyntsjes oan ta dat Laird blykber tinkt dat it Frysk inkeld op 'e eilannen praat wurdt.

Beowulf is in heldeferhaal oer de held *Beowulf* en it meunster *Grendel*. It gedicht is skreaun yn it Âldingelsk yn in miks fan dialekten mei in protte âlde wurden. It ferhaal spilet him lykwols ôf yn Skandinavië. It liket derop dat de Germaanske stammen dat ferhaal meinommen hawwe by it folkeferfarren, doe't allegearre Germaanske stammen fan it fêstelân nei Ingelân ta kamen, mar ek yn Fryslân de boel yn 'e bulten jagen. En it is by einsluten ús foarteam.

De libbensstyl beskreaun yn it epos is elitêr en heroysk. It giet oer fjochterij en in meunster dat in skat bewekket. It meunster komt nachts nei it fort om manlju mei te nimmen en op te iten. Der leit in kristlik sauske oer it ferhaal. Foar it neist wie der yn dy tiid al in ferminging fan heidendom en kristendom geande, dy't him pas geandewei ta wier kristendom útkristallisearre. Soks docht ek bliken út in oar epos, de *Heliand*, skreaun yn it Âldsaksysk. De Heliand beskriuwt Kristus as in Held, dy't it mei syn nommele eallju fan de duvel wint.

It is wol sa dat Âldingelsk mear liket op Nijfrysk (en Nederlânsk) as op it Moderne Ingelsk. Mar hat Laird gelyk dat Friezen de Beowulf samar lêze kinne?[2]

Om dat út te finen, folgje hjirûnder wat rigels út 'e Beowulf.[3] Dy rigels beskriuwe hoe't it meunster nei it fort ta slûpt dêr't Beowulf en syn mannen sliepe.



Foarste side út Beowulf

[1] Sjoch: *Nij Frisia*, jrg. LXVIII, nû. 2, simmer 2019, s. 17. De 12 haadstikjes binne:
1. Binne Frysk en Ingelsk sustertalen?
2. Binne Frysk en Ingelsk in aparte taalfamylje?
3. Kinne Friezen en Ingelsken inoar ferstean?
4. Kinne de Friezen Âldingelsk lêze?
5. Hoefolle sprekkers hat it Frysk en it Ingelsk?
6. Prate Friezen Nederlânsk? Sûnt wannear?
7. Is der noch wat fan de Romeinen oerbleaun yn Fryslân?
8. Is der noch wat fan de Romeinen oerbleaun yn 'e Fryske taal?
9. Stamme hjoeddeistige Friezen ôf fan 'e Romeinske Friezen?
10. Binne de Friezen Angelsaksen?
11. Is it Frysk in taalfamylje?
12. Eigenskippen fan 'e Fryske taalfamylje.

[2] Klik ek ris op: https://en.wikipedia.org/wiki/Beowulf

Cóm on wanre niht
scríðan sceadugenga; scéotend swaéfon
þá þæt hornreced healdan scoldon
ac hé wæccende wráþum on andan
bád bolgenmód beadwa geþinges.
Ðá cóm of móre under misthleoþum
Grendel gongan godes yrre bær
mynte se mánscaða manna cynnes
sumne besyrwan in sele þám héan
wód under wolcnum tó þæs þe hé wínreced
goldsele gumena gearwost wisse.
Cóm þá to recede rinc síðian
dréamum bedaéled duru sóna onarn
fýrbendum fæst syþðan hé hire folmum æthrán
onbraéd þá bealohýdig ðá hé gebolgen wæs,
recedes múþan; of éagum stód
ligge gelícost léoht unfaéger
geseah hé in recede rinca manige
swefan sibbegedriht samod ætgædere
magorinca héap. Þá his mód áhlóg:
mynte þæt hé gedaélde aér þon dæg cwóme
atol áglaéca ánra gehwylces
líf wið líce þá him álumpen wæs
wistfylle wén.

Doe kaam by neare nacht
oanglydzjen de skaadgonger; bôgesjitters sliepten
dy't de houten hoarnestins behâlde moasten
wylst syn wearze oanboaze, wylst hy ferwachte
mei in min sin it oardiel fan 'e kriich.
Doe kaam út it moeras ûnder kliffen fan mist
Grendel neiby, Gods grime droech hy,
de minskefergriemer miende fan it minskelaach
guon te besetten yn 'e hege hal;
hy kroaske yn de dize oant hy de wynstins,
de goudhal fan manlju mei wissichheid seach.
Hy sette ta op 'e stins, in strider te foet,
fan fleurichheid ôfsnien; de doar spatte iepen,
de fjoersterke knieren sloech er oan spuonnen,
mei kwea yn it sin, skuorde stikken, lilk as in draak,
de mûle fan 'e stins; út syn eagen spatte
as in flam in ljocht dat net doogde;
hy seach yn 'e hal mannige strider,
in selskip fan sibben yn slomme bedobbe,
in famylje fan striders. Hy spytgnyske fyntsjes:
he soe fan har nimme, noch foar de dage,
it aaklike bist, fan lykfolwa
it libben, de lea; hy longere op
iterij by de rûs.

Jim sjogge wol, dat it aardich ôffalt. Laird hat gjin gelyk dat Friezen samar Âldingelsk lêze kinne. Mar men kin yn it Âldingelsk wol dingen werom fine dy't it Moderne Ingelsk net mear hat en it Frysk al. Nim bygelyks de wurdfolchoarder fan it neikommende sintsje:

Þá	wæs	Hróðgáre	herespéd	gyfen
doe	wie	Hrothgar	sukses	jûn

Dat is gjin goede folchoarder yn it Moderne Ingelsk: 'Then was Hrothgar success given.' Dan moatte 'was' en 'Hrothgar' fan plak wikselje, en 'success' en 'given', dan is it pas goed ('Then, Hrothgar was given success'). Mar yn it Frysk is de Âldingelske folchoarder prima:

Doe	waard	Hrothgar	sukses	jûn
Þá	wæs	Hróðgáre	herespéd	gyfen

Âldingelsk hat wol wat fan it Frysk wei, mar net safolle dat men it fuortdaalks neikomme kin. Der is oars ek in Fryske proaza-oersetting fan 'e *Beowulf,* makke troch Jelle Krol en Popke van der Zee (Koperative Utjowerij, Boalsert1984).

Hoefolle sprekkers hat it Frysk en it Ingelsk? (par. 5)

De fjouwer Westgermaanske talen, Ingelsk, Dútsk, Frysk en Nederlânsk, wiene lang ferlyn dialekten fan it Westgermaansk. Sûnt binne se har eigen wegen gien. Ingelsk is in wrâldtaal wurden. It is net maklik en berekkenje hoefolle sprekkers oft der fan it Ingelsk binne. Want wa telt noch as in sprekker fan it Ingelsk? Ik praat sels Ingelsk, mar net as in memmetaalsprekker. Dat wy moatte ûnderskie meitsje tusken memmetaalsprekkers en twaddetaalsprekkers fan it Ingelsk. Dat is dien yn 'e neikommende tabel:

	Memmetaalsprekkers	Twaddetaalsprekkers
Ingelsk	350 miljoen	500 miljoen
Frysk	250.000	150.000
Dútsk	90 miljoen	60 miljoen
Nederlânsk	23 miljoen	5 miljoen

[3] Knipt út 703-732, http://www.heorot.dk/beo-intro-rede.html
[2] Klik ris op: https://en.wikipedia.org/wiki/Cornwall#/media/File:Land%27s_End,_Cornwall,_England.jpg

Ingelsk is de taal mei it grutste tal sprekkers. De tabel makket ek dúdlik dat it optilt fan 'e twatalichheid yn 'e wrâld. Twatalichheid makket it mooglik dat sprekkers tusken twa talen kieze kinne en dat docht in taal as it Frysk *gjin* fertuten. Want frijút kieze is der net by as it Nederlânsk de taal fan oerheid, ûnderwiis en media is. Inkeldris kin twatalichheid hiel lang bestean bliuwe, mar meast is it yn in pear iuwen dien mei de twatalichheid. It rint út op 'e dea fan 'e minderheidstaal. Nim bygelyks Frankryk yn 'e tiid fan 'e Romeinen. De Frânske Kelten stapten oer op it Latyn en nei in lyts tal generaasjes wie it Frânske Keltysk útstoarn. Út dat Latyn mei Keltyske trekjes is doe it Frânsk ûntstien.

Of nim de taal fan Koarnwâl (Cornwall), it Koarnysk.[4] Nei in pear iuwen fan Koarnysk-Ingelske twatalichheid stoar it Koarnysk om 1800 hinne út. It is wol aardich om te fertellen dat in pear hûndert minsken wer begûn binne om it te praten.

Mar wat twatalichheid oanbelanget, it *Eastfrysk* is ek sa goed as útstoarn troch it Dútsk. Hoe stiet it eins mei de twatalichheid yn *Fryslân*? Dat komt yn in kommende *Nij Frisia* op it aljemint ...

* *Dr. Eric Hoekstra (It Hearrenfean 1960) is sûnt 1999 as taalkundich ûndersiker ferbûn oan de Fryske Akademy en fierders aktyf as oersetter, skriuwer, dichter, literatuerkritikus en kollumnist. Hy promovearre yn 1991 oan de Ryksuniversiteit fan Grins.*

Algemien belang = Haachsk belang

Ynstjoerd

Tongersdei 16 jannewaris 2020 hie *Omrop Fryslân* berjocht oer in moasje fan it *FvD,* de *PVV* en *50PLUS* oer it ophingjen fan de Nederlânske flagge yn de gearkomsteseal fan Provinsjale Steaten. Neffens Van Dijk van it *Forum voor Democratie* strielet dat ienheid út en stiet de Nederlânske flagge foar *'algemeen belang'*. Dêrmei bedoelt Van Dijk fansels net it algemien belang foar de ynwenners fan Fryslân, hy doelt op it *algemien Hollânsk* belang. De *Jongfryske Mienskip* wol Van Dijk en syn mei-yntsjinners fan de moasje yn harren eigen 'algemien belang' wekker skodzje dat de belangen fan Fryslân op 'en nij fergetten wurde.

Chris van Hes

Al mear as 100 jier tsjinnet Fryslân it 'algemien' Hollânsk belang, dat begûn is mei it turfstekken. Yn Fryslân waard de turf út de grûn helle, meastepart foar de enerzjyfoarsjenning yn it Westen. Doe't dy boarne útput wie, waard it gas út Fryslân en Grinslân helle, op 'en nij foar it algemien Hollânsk belang, om't it measte gas nei it Westen ferdwûn. No, anno 2020, sjogge wy itselde wer barren. Fryslân mei syn wide greiden en iepen romte is yn de eagen fan it Westen geweldich geskikt foar it pleatsen fan sinnepanielen en wynparken. Fryslân is dus al 100 jier in wingewest en sil dat, mei it algemien belang fan Van Dijk c.s. ek bliuwe. It algemien belang is sadwaande **Haachsk** belang en perfoarst gjin Frysk belang!

It *iensidige* Hollânske eachpunt fan dy partijen is harren fansels net al te bot oan te rekkenjen. Harren partijburo wit net better as dat de wrâld bûten de Rânestêd-bubbel ophâldt. Fryslân en syn ynwenners hawwe ék belangen dêr't goed nei harke wurde moat! Dêrom sil de *Jongfryske Mienskip* woansdei[1] op in ludike wize omtinken jaan oan dy belangen.

Ja, de provinsje Fryslân is ûnderdiel fan it Keninkryk Nederlân, mar de tiid dat wy ús liene litte moatte foar it algemien Hollânsk belang is foarby – en wy hoege gjín trijekleur yn ús Steateseal om ús dat yn it sin te bringen. Want, lykas ús Kommissaris fan de Kening treffend seit: 'Wy binne in fitale Europeeske regio yn ferbining mei oare provinsjes en mei oare regio's yn Europa. Wy binne selsbewust, wy leauwe yn mooglikheden, de takomst, en kleurje dy graach sels yn. Wy kinne yn Fryslân fytse sûnder "sydtsjillen". Mar, jou ús de romte.'

Chris van Hes,
foarsitter *Jongfryske Mienskip*

[1] *Ludike aksje*: tiisdei, 21 jan. 2020, Provinsjehûs; boppesteand *ynstjoerd stik* hat û.o. likernôch sa (ek) op *It Nijs* (fan de RfdFB) stien op 18 jan. 2020.

It is mei sizzen net te dwaan (III)

*Tom Dykstra**

Yn ôflevering 1 fan dizze rige stie it belied sintraal om te kommen ta desintralisaasje *fan it foech oer it ûnderwiis yn it Frysk fan Ryk nei de provinsje Fryslân. Ôflevering 2 joech in oersjoch fan hoe't de provinsje dêr belied op makke. De teloarstellende resultaten dêrfan binne werjûn yn it ynventarisearjend NHL-ûndersyk* Rapport Taalplan Frysk 2018.[1] *Yn dizze ôflevering stiet in nije bestjoersôfspraak, de* Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023 *(tenei ek: BFTK), sintraal mei omtinken foar de ynfolling fan de taak fan de ûnderwiisynspeksje. Hoewol't der yn dy BFTK rom omtinken is foar ûnderwiis yn it Frysk, wurde der gjin dúdlike stappen set om dy posysje te fersterkjen. Dêrom hat de Ried fan de Fryske Beweging de 'Vaste Kamercommissie van Binnenlandse Zaken' fan de Twadde Keamer yn desimber 2018 in petysje oanbean hat om blike te litten dat se net tefreden binne mei de ynhâld fan de BFTK .*

It is mei sizzen net te dwaan (Rapport Taalplan Frysk, 2018).

De 'Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023'

In bestjoersôfspraak is de delslach fan ôfspraken op it mêd fan it Frysk, dy't Ryk en provinsje Fryslân om de fiif jier meitsje. Nederlân hat yn 1996 it *Europeesk Hânfêst foar minderheidstalen* ratifisearre en dêrmei de ferantwurdlikens op him nommen om it Frysk te befoarderjen en te beskermjen. De plannen foar de kommende perioade binne op 30 novimber 2018 yn Ljouwert ûndertekene troch de koördinearjend minister fan Ynlânske Saken Ollongren en de kommissaris fan de Kening Brok. It ûnderwiis is ien fan de fêste punten yn de bestjoersôfspraak.

De BFTK 2019-2023 is yn it algemien hiel posityf oer de posysje fan it Frysk. Neffens de tekst is foar *mear* as 50% fan de befolking it Frysk de memmetaal en yn hast alle publike domeinen soe de taal in *stevige* posysje bemastere hawwe. No is in negative ynstek foar beliedsmakkers gauris net al te handich, want sokke útspraken dogge jin faaks tinken oan 'fake news', oan in reekgerdyn. It yn ôflevering 1 fan dizze rige oanhelle taalsosjologyske ûndersyk (survey 2017) jout lykwols oan dat it persintaazje memmetaalsprekkers fan 70% yn 1969 yn 2017 oant **ûnder de 50% sakke** is! As soks him sa trochset, dan kin dat yn 2060 al op in 25% (!) útkomme. Boppedat sizze de yn dat ûndersyk oanhelle persintaazjes oer *ferstean en praten* noch net folle oer it fanselssprekkend en oeral brûken en brûke kinnen fan it Frysk yn de iepenbiere romte. Dat hâldt neffens myn ûnderfining noch lang net oer en fan in *fanselssprekkend* rjocht is meastentiids gjin sprake.

Guon lju twivelje oan de ynset fan it ûnderwiis om it Frysk wer op 'e kluten te helpen. Dochs is goed ûnderwiis yn de taal ien fan de wichtichste betingsten. Mei rjocht wurdt yn de nije BFTK it bestriden fan it analfabetisme yn it Frysk in spearpunt neamd. Hoewol't it mei op grûn fan it *Rapport Taalplan Frysk 2018* foar de hân leit om it belied foar de memmetaalsprekkers te rjochtsjen op *skriftlike* feardichheden en dat foar oarstalige learlingen op *ferstean* en *praten*, is sa'n skieding yn de praktyk fansels tige keunstmjittich. Boppedat wurket de *Beleidsregel 2015* (sjoch myn twadde artikel) dy skieding ek noch yn 'e hân. By it kieze kinnen tusken ûntheffingsmooglikheden falle

[1] *It is mei sizzen net te dwaan (I)* (*Nij Frisia*, LXVIII, nû. 2, simmer 2019), s. 21-25; *It is mei sizzen net te dwaan (II)*, (*Nij Frisia*, LXVIII, nû. 3, hjerst 2019, s. 19-22).

de profilen mei lêzen en skriuwen as earste ôf. En nei sa'n beslissing krije de Frysktalige bern dan gjin lês- en skriuwûnderwiis. Der bestiet in tsjinstridichheid tusken de (no) noch jildende *Beleidsregel 2015* (skriftlik ûnderwiis as earste *falle* litte) en de BFTK (mei as spearpunt de *skriftlike* feardichheden Frysk).

Ienfâldiger en better passend yn it *Taalplan Frysk* (it provinsjale plan om de ûntheffings foar it ûnderwiis yn it Frysk te regeljen) soe it wêze om it belied yn de BFTK-perioade 2019-2023 te rjochtsjen op profyloanpassing. Skoallen soene holpen wurde kinne om harren programma-oanbod te ferbreedzjen yn de rjochting fan profyl A (gjin ûntheffing mear). Skoallen mei bygelyks profyl F (allinnich in *positive hâlding* neistribje) soene yn in pear jier opskowe kinne nei *harkjen* (ferstean) en fierder nei *lêsfeardichheden*, mar foar guon bern ek nei ûnderdielen mei *aktive* mûnlinge en skriftlike behearsking (profilen D en A) as dy soks oankinne. Neffens it provinsjale *Taalplan Frysk* wurde de skoallen yn 2021-2022 op 'en nij besocht nei de o-mjitting yn 2017-2018. It moat de skoallen dúdlik makke wurde dat se yn 2021/2022 net mear folstean kinne mei it keazen profyl út 2017. Wat it fuortset ûnderwiis oanbelanget is it likemin logysk en winsklik om skoallen ûntheffing fan de skriftlike feardichheden te jaan.

Mar fan sa'n *aktyf* belied is yn de BFTK neat te fernimmen. Ryk en provinsje geane derfan út dat (**pas**) yn 2030 it tal memmetaalsprekkers dy't it Frysk ek lêze en skriuwe kinne, én it tal minsken mei it Frysk as twadde en tredde taal dy't it Frysk goed ferstean en prate kinne, mei 10% tanommen is (s. 7). Dat persintaazje fan **10%** wurdt net ûnderboud. Wêrom mar 10%? It giet der dochs om dat alle bern 'groeie' kinne yn harren behearsking fan it Frysk? Neffens de nije BFTK soene de kommende trije sykly (fan 4 jier) fan it projekt *Taalplan Frysk* foldwaande wêze foar de boarging en it fergrutsjen fan de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis (side 17). It jier 2030 is noch fier fuort en stel dat de skoallen yn de kommende jierren it op in sêft sin sette en gjin (fikse) stappen foarút sette op wei nei it eindoel fan 'gjin ûntheffing' yn 2030. Dan binne wy noch gjin sprút opsketten. Boppedat jildt de BFTK mar oant 2023. Wêr bliuwe yn dy perioade de needsaaklike *tuskendoelen* om dat nei te stribjen en hoe sille de skoallen dêrby holpen wurde? Dochs wurdt fan de skoallen yn it Fryske taalgebiet **ferwachte** dat se yn 2030 gjin ûntheffing mear nedich hawwe (s. 13).

Komt it sa klear?

Ryk en provinsje jouwe yn de nije BFTK-perioade oan dat se it ûnderwiis yn it Frysk stypje wolle mei

(1) it yn stân hâlden fan de besteande basisynfrastruktuer;
(2) in ûndersyk te hâlden nei de oan it foech Frysk te stellen easken en dat te kommunisearjen mei it ûnderwiisfjild;
(3) neigean oft it foech ek opnommen wurde kin yn it learareregister;
(4) it wer úteinsetten mei tafersjoch fan de ynspeksje neffens de eigen rol;
(5) it ûndernimmen fan aktiviteiten foar de bewustwurding fan âlden, learlingen, skoallen, it bedriuwslibben en maatskiplike organisaasjes oangeande de wearde fan it Frysk en meartaligens en
(6) it budzjet MYF (Materiële Ynstânhâlding Frysk) te keppeljen oan de útkomsten fan it Taalplan Frysk.

Sa'n brede bewustwurdingskampanje kin wolris goed útpakke as dêr wier flyt op dien wurdt. Sûnt de Frânske tiid hat fan de oerheid lykwols algeduerigen it boadskip klonken: *Gjin Frysk op skoalle!* Slim beheinend foar goed ûnderwiis yn it Frysk is ek dat learkrêften yn Fryslân it Frysk net hoege te behearskjen, wylst dat foar it Hollânsk wol ferplichte is. Yn it *Rapport Taalplan Frysk (2018)* jouwe de ûndersikers oan dat de *taaleftergrûn* fan de learkrêften yn it primêr ûnderwiis in wichtige rol spilet by it wol/net foldwaan kinnen oan de kearndoelen Frysk en it wol/net realisearjen fan in trochgeande learline yn it skoaloanbod (s. 230). Bern kinne gjin Frysk krije, omdat master of juf de taal net yn 'e macht hat. Soks raast oan de protters fansels! Mei it MYF-budzjet kin de provinsje in lyts bytsje stjoere, mar om de doelstellings helje te kinnen is de hâlding en it tafersjoch fan de ynspeksje essinsjeel. De ynspeksje hat op dat mêd gjin bêste namme en spitigernôch hawwe de ûndersikers fan *Rapport Taalplan Frysk (2018)* dan ek konstatearje moatten dat guon skoallen oanjoegen it Frysk net (mear) as (folslein) fak te jaan fanwegen de driging fan ynspeksje mei it predikaat 'swakke skoalle' (s. 55).

Hoe realistysk is no sa'n **ferwachting** fan Ryk en provinsje as wy witte dat it harren sûnt 1980 (foar it fuortset ûnderwiis sûnt 1993) hieltiten mar net slagge is om foar it Frysk in *lykweardich* en *lykberjochtige* plak yn te skikken troch de skoallen allinnich mar (mear) **tiid** te jaan? Tolve jier ekstra tiid sûnder in eksplisyt ynfieringsbelied is dan ek tige nuodlik. En sûnder in effektyf tafersjoch is it net realistysk om te

tinken dat skoallen nei trije sykly fan fjouwer jier yn 2030 gjin ûntheffing mear freegje sille. Sûnder *dúdlike tuskendoelen* en sûnder it neigean (kontrolearjen) fan de jierlikse 'learopbringsten' is de kâns te grut dat it der yn 2030 nóch net goed mei it Frysk foarstiet. Alwer binne dan hiele generaasjes jongelju fan it Frysk ferfrjemde.

De BFTK en de taak fan de ynspeksje

Sûnt 2010 wegere de ûnderwiisynspeksje ta te sjen op de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk, omdat der neffens dy tsjinst gjin goed hifkings- en evaluaasjesysteem beskikber wie. No't dat materiaal der ûnderwilens kommen is, sil de ynspeksje de tried wer oppakke en neffens de BFTK op in 'stimulearjende wize omtinken jaan oan de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis' en wol op twa wizen:
a. troch yn it ramt fan de *reguliere* fjouwerjierlikse ûndersiken *omtinken* te jaan oan hoe't it *skoalbestjoer* tafersjoch hâldt op de kwaliteit fan it oanbod Frysk. Soe dat tekoartsjitte, dan kin de ynspeksje in risiko-ûndersyk útfiere en sa nedich in ferbetteropdracht jaan;
b. troch oant 2030 twaris in *tematysk* ûndersyk te dwaan nei de ûntwikkeling fan it *ûnderwiisoanbod* yn it Frysk. Dêrmei soe neffens de BFTK de kwaliteit boarge en fergrutte wêze.

It falt lykwols net yn te sjen dat soks wat goeds opleverje sil. Sûnt 1980 wize de pear ynventarisearjende ynspeksjerapporten dy't der west hawwe, al op it tekoartsjittend ûnderwiis yn it Frysk. Beliedsmjittich is der yn de tuskentiid feitlik neat mei sokke oanbefellings dien. As iennichste is nei oanlieding fan it rapport út 2010 in learlingfolch- en evaluaasjesysteem ûntwikkele (GRIP, 2017). Yn it okkerdeis yn opdracht fan de provinsje ferskynde *Rapport Taalplan Frysk (2018)* steane dan ek gjin resultaten fan it ûnderwiis yn it Frysk. It jout allinnich mar in *systematysk* ferslach fan hoe't skoallen it ûnderwiis yn it Frysk neffens eigen ynsjoch **útfiere**. De ûndersikers jouwe oan, dat soks lang net foldwaande is en dat der no ferlet is fan ûndersyk nei wat **berikt** wurdt neffens wat der wetlik *bedoeld* is, dus ferslach dwaan fan de **resultaten**. Dan pas giet it oer de *kwaliteit* fan it ûnderwiis yn it Frysk.

Konklúzjes

Yn de nije BFTK stiet de *frijbliuwendheid* foar it ûnderwiis yn it Frysk oer sintraal. De ûnderwiisynspeksje sil – mooglik mei tsjinsin – wer aktyf wurde, wer op de âlde foet mei spesifyk *tematyske* ûndersiken en omtinken foar it Frysk yn it *regulier* fjouwerjierrich ûndersyk. Nét rjochte op wat mei it Frysk

*Oanbieding fan de petysje fan de Ried fan de Fryske Beweging oan de Fêste Keamerkommisje fan Ynlânske Saken yn De Haach op 18 desimber 2018 (*foto Aant Mulder*).*

werklik berikt wurdt, mar de safolste ynventarisaasje fan de stân fan saken.

It Ministearje fan Ûnderwiis (OCW) is gjin foarstanner fan kwalitatyf goed ûnderwiis yn it Frysk, sa't bygelyks út ôflevering 3 bliken docht. Út it rapport-Hoekstra (2010) oer *desintralisaasje* fan foech oer it ûnderwiis yn it Frysk nei de provinsje falt bygelyks te lêzen dat it amtlik lid fan OCW te witten die dat er soks net winsklik achte, ûnder mear fanwegen de belangen fan it *'nasjonaal ûnderwiisbelied'* en dat is yn de praktyk benammen rjochte op it *'Nederlânsk'*. Dy ferwaarleazgjende 'soarch' is ek fêstlein yn de aktuele wetlike *beheinende* betingsten foar it Frysk.

It folgjend sitaat jout likegoed in healslachtige hâlding foar it *ferplichte* Frysk yn it ûnderwiis oan: *'Gjin Frysk ûnderwiis omdat it ferplichte is, mar omdat de tafoege wearde fan ûnderwiis yn de Fryske taal yn de praktyk ûnderfûn wurdt'* (BFTK, s. 13). It Frysk mei dus jûn wurde as de skoallen dat wichtich achtsje, mar oan de oare kant wol dyselde oerheid dy *wetlike* ferplichting – dus it algemien belang – net echt serieus nimme en sadwaande wurde der ek gjin dúdlike maatregels útsteld. Gjín lykweardich Frysk ûnderwiis dus, wylst de skoallen yn Fryslân wol te krijen hawwe mei de 'swipe' fan it ferplichte Hollânsk. Dat is dé reden dat it gros fan de skoallen dy 'tafoege wearde' net echt sjocht!

Út soarte is der neat tsjin goed ûnderwiis yn it Hollânsk, mar wêrom dan net deselde regeljouwing ek

folslein tapasse foar it Frysk? De provinsje is ûnder mear fanwegen it Frysk tsjin in opgean yn in noardlike regio, mar wêrom dan de taal yn it ûnderwiis sa fersleaukje litte? Moat in inkelde âlder, dy't by in skoalle freget om ek goed ûnderwiis yn it Frysk foar syn/har bern, dan de kastanjes sels mar út it fjoer helje? Eltsenien wit dat soks sa net wurket en dat sa'n âlder yn de measte gefallen oan in winige doar komt. Der leit dus in wichtige taak fan Ryk en provinsje as *demokratyske* hoeders fan it Frysk as 'minderheidstaal' yn it eigen taalgebiet. Of wurdt soks net as 'demokratysk' sjoen yn ús saneamde 'rjochtssteat ?

It probleem mei de nije BFTK is dat ûnfoldwaande rekken holden wurdt mei de besteande histoarysk groeide situaasje fan *efterstelling*. Salang't dy situaasje net erkend en problematisearre wurdt, sille it Ryk en ek de provinsje mei de rêch nei it Frysk stean bliuwe, nettsjinsteande alle jild en alle 'freonlike' aksjes foar it Frysk.

Tenei yn in lêste ôflevering fan **It is mei sizzen net te dwaan (4)** mear oer emansipearjend ûnderwiisbelied en effektiver ynspeksjestafersjoch mei as doel *'refitalisearring fan (meartalich) ûnderwiis'* (BFTK, s. 14).

** Drs. Tom Dykstra (1942) wie dosint pedagogyk oan twa papû's yn Fryslân en is aktyf yn gâns Fryske Bewegingsfermiddens, ûnder mear as foarsitter fan de Feriening Frysk Ûnderwiis (FFU). Sjoch foar mear ynformaasje oer de skriuwer en syn wurk syn earste bydrage oer 'It is mei sizzen net te dwaan (1)' yn* Nij Frisia*, nû. 2 (simmer) 2019 (s. 21-25). It twadde artikel 'It is mei sizzen net te dwaan (II)' stiet yn* Nij Frisia, *nû. 3 (hjerst) 2019, s. 19-22)*

*Kollum fan Jaap Slager (9)**

Fryskfersmiting

Jaap Slager is grutsk op Manolito, in baas gitaarspylder en fadosjonger út Santana (Portugal).

Waling-om

It skynt dat ik oan Waling Dykstra besibbe bin. Dat is gjin fertsjinst, sa net – it kaam my om samar te sizzen oanwaaien. Mar it is dêrom net minder nijsgjirrich, fyn ik. Alteast, dat fyn ik *no*. Doe't ús mem it my as jonge fertelde, hie ik it op in pypfol. Mar dat is by de tiid sa't skynt in bytsje feroare. In kammeraat út Scarborough sei it okkerlêsten sa: *It seems to me that it is only when one becomes aware of one's own mortality that a desire to know about those who went before develops*. Moai, net!

Ginnealogy

No't it mei my safier hinne is, dat ik wolris witte wol hoe't ús stambeam krekt tebeksprantelet nei Waling-om, kin ik it har net mear freegje. Oan ús mem, bedoel ik. Ús omke Pyt yn Sweden, krekt njoggentich wurden, wit wat dat oanbelanget ek net hoe't de sturt ginnealogysk oan de baarch sit. Jawis, men kin ûndersyk dwaan, yn berteregisters en sawathinne. Mar, Froubuorren is my krekt te fier fytsen.

Bilkant

Oer fytsen sprutsen ... ik wit noch al, dat ús pake Keimpe Piters Dykstra opstrewearre dat ik mar wakker yn 'e bûter dreau mei dy trochtraper dy't ús heit foar my febrike hie, foar myn jierdei. En dan ferhelle er hoe't er sels alle sneinen *geandefoet* fan 'e bilkant nei it Stienzer Âldlân op-en-delderje moast, doe't er destiids Gatske Jabiks Kingma befrijde.

Dêrom net, mar neffens my kaam er doe net allinnich fan 'e bilkant, mar siet er dêr by fertaast ek wolris oan. Want as ik goed rekkenje wie ús mem der justjes earder as njoggen moanne nei it boask. It kin ek wêze, dat it him yn 'e faasje wat ûntkommen is – mei it op-en-delderjen. Dat it sin him hommels fan 'e kroade glied, bedoel ik.

Warsjen[1] fan it Frysk

Ik kin fansels net tippe oan syn taalbehearsking – wa kin dat al? – mar de leafde foar taal hawwe wy grif gemien, Waling-om en ik. Hollanners kinne der wat langer wat mear wurdearring foar opbringe as ik mei in wurd op 'e lappen kom dat har fergetten wie. Wêrom brûke wy winliken it Ingelske wurd, sizze se dan, wy hiene der ommers sels al in wurd foar.

Friezen is it spitigernôch krektoarsom mei. Ik fyn it prachtich as ik in geef Frysk wurd tsjinkom foar eat dêr't de trochsneed Fries langer leaver in Hollânsk wurd foar brûkt. Watte? Ik bin sa *grutsk* as in hûn mei sân lullen hoenear't my soks oerkomt. In minske sin, in minske libben, sille wy mar sizze.

Blokkearfriezen

En ik fyn it hielendal prachtich dat der op 'e FB-side *Fryslân en de Fryske taal* ek noch in flaterfisker omstreupt dy't gjin ynslûpsel troch de mesken gean lit. Hy is bytiden sa rou as dou... eh, tou en op it politike mêd akkedearje wy sa't liket as twa skuorde klokken, mar ik bin fan betinken: men hoecht it net oer alle boegen iens te wêzen om wat fan inoar leare te kinnen. Sa net guon oare lju op dy side – dy wurde sa't skynt spinnidich.

Jaap Slager hat ek wat mei Waling-om ...

Bokwerd forever

Sterker noch, wittefolle Friezen wurde ek al brûkel en brotsk fan *myn* pinnefruchten. Sjuch, dat wie hielendal de bedoeling net.

Hja fine dat Frysk fan my mar âldfrinzich en frijwat dreech. En men kin jin op it heden net mear ferdigenje, want foar't men wit, is men blokkearre. Hja beheine har fierders ta kontakt mei OSM[2] tink – lju út 'e eigen rinfuorge. *Bokwerd forever!*

* *Jaap Slager (Ljouwert, 1958) wennet yn Portugal en hat tige niget oan talen. Hy hat in treflike behearsking fan it Frysk (memmetaal), it Hollânsk, Ingelsk, Portugeesk, Frânsk en Dútsk. Dizze kollum is skreaun op 30 desimber 2019.*

1 Waling Dykstra, *Friesch Woordenboek*, dl. III-IV, 1911, s. 408-409: tiidwurd: *warsje, wersje* = 'afwijzen'; haadwurd: *warsin, wearsin* (spr. w j e r s i n) = 'weerzin, tegenzin'.

2 OSM = Online Soccer Manager; mar efkes op Wikipedia oanklikke.

De plaknammen yn de Waadhoeke

Ynstjoerd[1]

Kataloanje en Fryslân frij fan neo-koloniale twingerij ...

Yn syn opinystik 'Niet flirten met Catalonië' yn de Leeuwarder Courant *fan 10 jannewaris 2020 stie de âld-haadredakteur Rimmer Mulder wakker tsjin de Katalanen en har foaroanlju. Mei dy Katalanen bedoelde er de Katalaansksinnigen, net de ymport-Spanjerts.*

Bertus Jans Postma

De folksstimming fan oktober 2017 oer 'los fan Spanje', Madrid mar min nei 't sin, waard krekt in akkefytsje foar de Guardia Civil: dy hufte deryn en makke mear as tûzen slim ferwûne slachtoffers.

De Katalaanske folksfertsjintwurdiging stimde foar de ûnôfhinklikens en de presidint rôp in pear wike letter de republyk Kataloanje út. Fuort dêrnei hat de frijheid fan de nije steat noch gjin dei duorre.

De Spaanske generaals stiene klear om har tanks de kant fan Kataloanje út te stjoeren, mar polityk Madrid liet it ferfolch leaver oan it Iepenbier Mystearje yn Madrid oer dat de foarnaamste Katalaanske bestjoerders oppakte.

Presidint Carles Puigdemont wie yntiids de grins al oer, lykas keninginne Wilhelmina yn maaiemoanne fan 1940 de Noardsee. Yn ballingskip, no as lid fan it Jeropeeske Parlemint, set Puigdemont him as gjin oar te skrep.

Yn Madrid liek in frije republyk Kataloanje de machthawwers safolle as fleanen, wie Mulder fan betinken. Yndertiden soed er wol likernôch datselde tocht hawwe fan alle Belgyske, Dútske, Frânske, Hollânske, Ingelske, Italiaanske, Portugeeske, Spaanske koloanjes: gjin sprake fan in takomst as frije lannen, de machthawwers yn West-Jerope soene der nul en neat fan witte wolle.

Mar de werklikheid is in oarenien. No't de eardere koloanjes har selsstannigens krige/befochten hawwe, is it de frage oft minderheden fan oarspronklike bewenners fan in lân(streek) net oan bar binne om de kleare wei te gean nei hár rjocht, hár selsbestean. Har talen en kultueren drage gâns by oan de wrâldkultuer. Neffens de Feriene Naasjes moatte dy holpen wurde.

Dat kin in folk yn alle frijheid better as yn de posysje fan minderheid yn in frjemdtalich lân. Kataloanje sóé op 'e frijheid oan, mar Madrid kearde it. Nicola Sturgeon en har SNP yn Skotlân lieken op in ôfskie fan Londen oan te gean, mar Londen wol it keare en Bart de Wever en syn N-VA yn Flaanderlân wolle ek mar al te graach op harsels, sûnder Walen en sûnder België.

Noch mar krektlyn hawwe wy fan 'frede op ierde' songen. Frede op ierde? Wylst rûnom te wrâld guon folken oer guon oare hearskje? Mulder liket der frede mei te hawwen: it freedsume Kataloanje hat him mar ûnder Madrid mei syn Guardia Civil del te jaan ...

Bertus Jans Postma,
Bitgummole

[1] Dit ynstjoerd stik hat ek yn de *Ljouwerter Krante* fan 22 jannewaris 2020 stien (s. 19).



Snypsnaren (4)

troch Jan Hiemstra*

Tinke oan Easterein (1)

Myn bertedoarp yn de Greidhoeke

Ea hearde ik de útspraak 'de jeugd giet út it doarp, mar it doarp giet net út de jeugd' en sa is it mei my ek gien. No kin ik my oan de bûtenkant net mear ta de jeugd rekkenje, mar hert en holle besykje jeugdich te bliuwen. Midden yn de oarloch bin ik berne yn Easterein op postadres Easterein 85, en as it wat krekter moast op Schipperskade 85. Letter waard dat adres feroare, doe't alle strjitten begjin fyftiger jierren yn de foarige iuw in offisjele namme krigen, en waard it 't Heechhiem 7. It hûs dêr't ik yn berne bin, stiet der noch, mar it sjocht der wol oars út as fóár 1953. It blokje dêr't Pier Faber no yn wennet, bestie doe út fjouwer- keamerwenten. Dat wiene wenromten dy't bestiene út in gong, in keamer mei twa bedsteden en in kast der tuskenyn en in kelderke derûnder, in trep nei boppen en in souderke. De souder waard troch in houten sket ôffrede fan dy fan de buorlju. It húske mei in tontsje, dat troch twa húshâldings brûkt waard, wie bûten. Net sa lúks dus. As men no foar dy huzen stiet, dan wennen wy oan de lofterkant. Yn 1952 kocht ús heit it efterste part derby en doe waard der ien hûs fan makke. Nei in ferbouwing wennen wy foar Eastereiner begripen lúks, sels mei in wc, oansletten op de âld reinwettersbak.

Jan Hiemstra

Neist it hûs stie in 'hokje', de romte dêr't heit syn skuonmakkersberop yn útoefene. Dêr't no de dyk rint, rûn doe in feart en de grûn tusken it 'hokje' en it sportfjild wie it hiem mei in grientetún en fruchtbeammen. En dan kaam men op it sportterrein, dat doe noch in 'gewoan' stik greide wie. De transformaasje fan greide ta sportterrein haw ik as lyts jonkje noch meimakke. De fuotbalferiening SDS ('Sterk door Samenspel') is yn 1947 oprjochte en sil sûnt 1949 op it fjild dêr't se hjoed-de-dei noch spylje, begûn wêze. Fan myn lytse-bernetiid ôf haw ik in loopke nei it sportfjild makke en doe't it koe, dêr keatst en fuotballe. Dat sil grif de reden wêze wêrom't ik der no noch sa graach kom: jeugdsentimint!

De sport

Fan myn bernetiid ôf haw ik by de sport belutsen west. Men koe hast net tichter as wy by it sportterrein wenje. Nei 1947 waard de finne fan boer Hendrik Kuiper 'omtsjoend' ta in echt sportfjild. De greppels waarden fol modder stoart en mei de wals fan de gemeente waard de modder flakmakke. Der koe op fuotballe en keatst wurde, mar it fjild hie in grut neidiel: it wetter woe der net trochsakje. In part fan it fjild waard maneezje. Dat wie it stik dêr't no de dyk troch rint. It wiene foaral boerejonges dy't op boerehynders rieden ûnder de namme *De Donia's*. Mei it nije sportterrein krige SDS in rom fjild en dêr koe no ek op keatst wurde.

Oant dat stuit waard it *Dobbelân* foar dy aktiviteiten brûkt. Dêr lei doe allinnich mar in reed trochhinne en it stikje efter de pastorij en njonken de grientetún wie it keatsfjild. Dêr waard ek op fuotballe. Wy hiene al in gymnastykferiening ODI ('Ontspanning door Inspanning') yn Easterein en dêr haw ik ek op west. Yn de earste klasse fan de legere skoalle (no

Jan Hiemstra (1943) tinkt gauris werom oan 'syn' Easterein.

Trije spul is út ...

groep 3) waard ik dêr lid fan, mar ik fûn der net folle oan. Doe't ik wat âlder waard, keatste ik leaver. Der koe net folle yn dy tiid, mar heit wie tige foar it keatsen, hoewol't der net in protte keatst waard. SDS hie de takomst. De keatstradysje wie wat fertutearze. Nei de Twadde Wrâldoarloch moast dy wer fan de grûn ôf opboud wurde. As bern giene wy net faak út te keatsen en as dat wol it gefal wie, dan wie dat tichteby. Mei Tjalling Stapersma en Krik de Bruin helle ik yn 1955 yn Wommels op in skoaljongespartij ús earste treddepriis. Soks wie yn Easterein yn gjin jierren foarkommen! Myn earste earste priis helle ik yn Itens. It wie doe te wiet om op it keatsfjild te keatsen, sadat de partij op it stik lân efter de pleats fan Theo Jonkman, dêr't Tom Dykstra[1] no wennet, ferkeatst waard. De greppels stiene fol wetter, mar op de ekers koe keatst wurde. Grutte freulesuksessen[2] haw ik net helle. Ik haw ien kear meidien, yn 1959, mei Bennie Okkinga en Wiltsje Wietsma, mar wy rekken der op de *Terp* yn Wommels fuortendaliks tsjin Boalsert ôf.

Fuotballe haw ik ek. SDS wie yn ús bernetiid in klup foar jongfeinten. Der wie ek mar ien alvetal. Dat der ek in junioareteam nedich wie, kaam net yn it wurdboek foar. Dêrom rjochten wy ûnder lieding fan Marten de Boer en Hielke Vollema, de wat âldere jonges, in eigen klup op: SBW, *Sa Begjinne Wy!* En hoe begûnen wy? Mei in gearkomste yn de keuken fan ds. De Bruin en it kiezen fan in bestjoer. Mei briefkes waard oer dat bestjoer stimd. Balt de Vries, de oargelist fan de Martinitsjerke, siet der ek by. Hy stimde 'Hielke Vollema, afzender Balt'. Dan wisten jo mar wêr't jins oanhingers sieten! Om jild yn it laadsje te krijen, waard de skieppestront op it sportterrein opsocht en foar in dûbeltsje de amer ferkocht. Njonken de kontribúsje en de kaartsjes dy't by ús wedstriden ferkocht waarden, wie dat ús ynkommen.

Wy hiene geregeld in wedstriid tsjin *Stormvogels* Drylts en ek tsjin Wommels, Itens en Spannum stiene der sa no en dan wedstriden op it programma. Wy spilen op it SDS-fjild en ik haw der gjin weet fan dat der ea hier betelle is. Dy bern wiene moai oan it boartsjen. Se soene dat hjoed-de-dei op dy wize ek wat mear dwaan moatte yn stee fan efter de kompjûter te sitten.

Letter spile ik by SDS, mei as hichtepunt ús kampioenskip yn de twadde klasse FVB ('Friesche Voetbalbond')[3]. Wy promovearren doe nei de earste klasse der't wy DWP ('De Wite Peal', Sint Jânsgea & Rotsterhaule), Sleat, Wâldsein en Delfstrahuzen oantroffen. Ploegen as Nijlân en QVC ('Quick Valken Combinatie', Starum) sieten doe yn de fjirde klasse KNVB en Warkum spile sneons mei ONS ('Oranje Nassau Sneek'), Heeg, Blauw Wit '34 en VVT ('Voetbalvereniging Twijzelerheide') yn de doedestiids heechste klasse: de tredde klasse!

Yn it seizoen 1964-1966 lei ik as soldaat ûnder tsjinst, krige ferkearing yn Goes en haw net altyd mear meispile. Mar it wie wol moai, want wy hoegden no net mear tsjin twadde klasse alvetallen.

Doe't ik net langer yn Easterein wenne, wie moandeitemoarns lykwols myn earste loopke om in Telegraaf te keapjen, want dêr stiene fan de fjirde klasse KNVB ôf alle fuotbalútslaggen yn en SDS siet ûndertusken yn de KNVB-kompetysje. Boppedat stiene dêr gauris de útslaggen fan it earste klasse keatsen yn. Wy hiene gjin telefoan en it kontakt waard sadwaande troch briefskriuwen ûnderholden!

Mar ek oare ferdivedaasje

Myn ferdivedaasje bleau net allinnich beheind ta sport, want yn Easterein wie ek in *knapeferiening* (jeugdklup) en in *korps*. Ik siet noch mar yn de

Sloop fan de 'Âld Skoalle' te Easterein.

twadde klasse fan de legere skoalle (no groep fjouwer fan de basisskoalle), doe't ik op it korps ('Wilhelmina') kaam. En dat is, mei wolris in tydlike ûnderbrekking, sa bleaun oant ik ûnder tsjinst moast. It korps stelde noch net folle foar. Yn de Twadde Wrâldoarloch koe der ek net mear oefene wurde en leine de ynstruminten te fertutearzjen. Mar, dy wiene net sa min dat der net mear op spile wurde koe. En guon muzikanten hiene it blazen ek noch net ferleard. Mei de befrijing fan Easterein klommen se sels op de toer om fan it 'fjouwerkant' ôf te spyljen.

Korpslid wêze betsjut thús de partij ynstudearje, wykliks as korps repetearje, sa no en dan ris in konsert of in útfiering jaan. Mar yn myn jonge jierren kaam dêr dan noch fan alles by. Der waard geregeld optreden as in pear 40 jier troud wie en wannear't der in soldaat út Ynje weromkaam. Simmerdeis waard der op de muzyktinte op it plein by kafee Bergsma spile, mei as hichtepunt de 'libbene' stuolledûns. En as it korps troch de buorren marsjearre, dan rûn der altiten in kloft minsken efteroan; de froulju fakentiids earm yn earm.

Sawat alle jonges fan in jier of tolve sieten op de *knapeferiening*. Dy waard sneintejûns yn *d' Âld Skoalle* en letter yn *Us Gebou* holden. Foar it skoft kaam de bibelske ynlieding op it aljemint en nei it skoft de ferdivedaasje. Folkert Reitsma, doe in nije Eastereiner, waard ien fan de lieders en wy wiene mar wat wiis mei him. It wie al in man mei moderne ideeën, dy't bygelyks al in film hierde en dy oan ús sjen liet. Wy wiene noch net sa'n soad wend.

Ja, tiden hawwe tiden ...

**Jan Hiemstra (Easterein, 1943) wennet te Frjentsjer, wie earder skoalmaster, docht noch altiten oan sport en skriuwt graach. Syn earste 'Snypsnaren' hat stien yn* Nij Frisia*, nû. 3, sept. 2018 (s. 15-16) en dêr is ek wat mear ynformaasje oer de skriuwer te finen.*

[1] Ek bekend as foarsitter fan de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) en aktyf as strider foar it Frysk yn en bûten it ûnderwiis.
[2] De *Freulepartij* yn Wommels is de wichtichste keatspartij foar jonges fan 14 oant 16 jier. De partij waard foar it earst keatst yn 1903.
[3] De *Friesche Voetbalbond* (FVB; oprjochte yn 1904) is yn 1996 opgien yn de *Koninklijke Nederlandse Voetbalbond* (KNVB).

De hjoeddeiske sporthal 'De Greidhoeke' te Easterein.

Lofts-boppe: *De oprop foar 'Explore the North 2020'.*
Lofts-midden: *Katalanen manmachtich de dyk op.*
Rjochts-boppe: *Jaap Slager en Manolito.*
Rjochts-midden: *Easterein.*
Ûnder: *De hjoeddeiske sporthal 'De Greidhoeke' te Easterein.*